



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSE GEMEENTE Wirdum Fr e.o. 01-04-2018 6.00 oere Peaskewacht

Yn de iere moarn...

Yn de iere moarn rinne minsken fanút alle kanten fan it doarp rjochting it tsjerkhôf fan de ieuwenâlde Martinustsjerke en komme gear rûnom it fjoer. It is tsjuster en stil. It iennichste lûd is it sjongen fan de fûgels.

Wy sjonge it liet Morning has broken, mar dan yn it Frysk.

*'Dit is in moarntiid as oait de earste
't Liet fan 'e klyster makket God grut.
Tank foar it sjongen, tank foar de moarntiid
Beide ûntspronge nij oan it wurd.'*

De nije dei is begûn!

Wy sjonge:

*'Kom, as it tsjuster is, mei fjoer dat ús nacht
ferljochtet en dat bliuwt, fjoer dat altyd bliuwt.'*



Dan sjongt de foargonger
*'Meitsje in fjoer
Yn 'e tsjustere nacht
en nim alle bangens wei.'*

De nije peaskekears wurdt oanstutsen.

*'Kristus, juster en hjoed
Begjin en ein Alfa en Omega
CYn syn hân lizze
Tiid en ivichheid*

*Krêft en hearlikheid
Yn alle ivichheid
AMEN'*

It ljocht wurdt troch jûn

Nei't wy yn de hal in kearske krigen ha, skúvelje wy de tsjustere tsjerke yn op syk nei in plakje. Wylst sjongt foargonger Wiebrig de Boer

'Wachters op de morgen, hoever is de nacht.'

En it koar falt yn: *'Ontwaak wie nog slaapt en sta op uit de dood!
Ontwaak en stap op, uw licht is opgegaan!'*



De diaken draacht de peaskekears de tsjerke yn. Dizze wurdt te plak set en it ljocht giet fan de ien nei de oar en al gau wurdt de tsjustere tsjerke ferljochte troch sa'n fyftich brânende kearskes.



Wy sjonge *'Licht dat ons aanstoot in de morgen'*.

Dan is der muzyk: G.P.H. Telemann – cantate eerste paasdag 'Der Tod is verschlungen in den Sieg – Slotkoraal 'Weil Dy vom Tod erstanden bist'.

Lêzing

De earste lêzing is út Genesis 1:1-5 troch Alie Bouma



Wy sjonge *'Elke stilte kent zijn zingen'*.
De twadde lêzing wurdt troch it koar songen en giet oer de befrijding út de slavernij fan Egypte. *'When Israel was in Egypt's land, let my people go'*.



De gemeente sjongt it refrein.



De tredde lêzing is út psalm 30 fan Sytze de Vries lêzen troch Jannie Lindeman.
Dan folgt it Taizé-let troch it koar earst yn it Frysk en dêrnei troch de hiele gemeente yn it Nederlânsk. *'Behoed mij, o God, ik vertrouw op U'*.

De fjirde lêzing wurdt wer songen út de bundel 'Tussentijds. Ezechiel 37: 1-14 'Zo dor en doods'
De lêste lêzing is 't Markus 16 : 1-8
Wy lústerje nei muzyk: Slotkoor *'Preis und Dank'*
út it Peaske-oratorium BWV 249 J.S. Bach

Betinken fan doop en belidenis

Dan meitsje wy in grutte kring om it doopvont en folget de belidenis en doopbetinking.
Undertusken sjonge wy *'Evenals een moede hinde'*.



Nei de 'geloofsbelijdenis' rint elts dy't de doop betinke wol nei it doopvont en helle de hân troch it wetter. Undertusken sjonge wy it liet *'It Goede is sterker as 't kweade, leafde sterker as haat.'*





Maaltijd van de Heer

Dan folget de 'Maaltijd van de heer':
 'Zend uw geest, kom in ons midden,.
 Bind ons samen tot één lichaam dat zindert van
 leven en geestkracht met handen die
 gerechtigheid doen en voeten die gaan op de
 weg van vrede.
 Maak ons één, doe ons herleven.'



Wy winskje mekoar frede ta. Dêrnei is it dielen
 fan de bôle en wyn, ûnderwilens wurdt der spile
 op de piano.



Slot

It slotliet
 befestigt alles
 nochris:
*'Ik zegt het
 allen, dat Hij
 leeft,
 Dat Hij is
 opgestaan,
 Dat met zijn*

*Geest Hij ons omgeeft
 Waar wij ook staan of gaan.'*

Wy krije de Segen fan de Heer.

Mei elkoar ite...

Nei de seine bliuwe wy. Der stiet nammentlik yn
 de kapel kofje, aaien en peaskebôle klear.
 Tradysjoneel kin nei it peaske-iten elts dy't sin
 hat oan 'e peaskekuier meidwaan. Minne en Afke
 Hoekstra geane foarop.



As wy de tsjerke
 ferlitten steane wy
 folop yn it ljocht
 fan de nije dei!



Meiwurkers

Foargonger: ds. Wiebrig de Boer Romkema
 Orgelist: Albert Minnema
 Alderling: Elizabeth Mozes
 Diakenen: Nieske Span, Jannie Lindeman
 Koster: Drees Visser
 Typ: JR Foto: ROB/MH